

Reaksje en replyk

In St. Gangolfustsjerke op it Ald Tsjerkhôf yn de Izermieden?

S. de Haan

Yn it artikel fan Noomen yn *It Beaken*, jiergong 55 (1993) nr. 1 is it útgangspunt in oarkonde fan 2.11.1387, dy't yn syn oarspronklike ferzje, yn it Latyn, mei in neffens Formsma¹ minne fertaling, ôfprinte is yn *De Heerlijkheid Visvliet*, siden 24 en 25.² Yn dy oarkonde giet it oer de feriening, troch de biskop fan Munster, fan in parochy fan St. Gangolfus mei dy fan it dêr yn 'e buert lizzende St. Augustinus. Reden foar de feriening wie de fernieling fan de tsjerke fan St. Gangolfus mei har besittings en dy fan de parochianen yn de perioade 1370-1387 "propter nimias et maximas aquarum inundationes". Oant no ta is algemien oannommen dat it lêste wiist op oerstreaming troch seewetter. Noomen fertaalt it mei "door wateroverlast" feroarsake neffens him troch ynklinking fan feangrûn as gefolch fan lânboukundich gebrûk troch minsken, dy't har op dy grûn, yn dit gefal yn Achtkarspelen by de Lauwers en de Alde Ryd lâns, nei wenjen setten hiene. Ik kom dêr dalik op werom.

Tsjintwurdige St. Gangolfustsjerke fan Visvliet

Wie de yn de oarkonde fan 2.11.1387 neamde St. Gangolfustsjerke net de foargongster fan de tsjintwurdige St. Gangolfustsjerke fan Visvliet? Oant koartlyn is oannommen dat dat sa wie en dat mei St. Augustinus yn de oarkonde it doarp Stynsgea bedoeld wurdt. Neffens in stien yn de westgevel is de tsjintwurdige tsjerke fan Visvliet yn 1427 "maect". Dat soe dan betsjutte dat de yn 1387 ferlitten tsjerke yn 1427 wer opboud is. Sa stiet it ek yn it boekje dat Berend Raangs skreaun hat nei oanlieding fan de restauraasje fan de tsjerke yn 1979/80.³ Yn dat boekje stiet ek dat de earste tsjerke yn 1370 boud is, yn pleats fan dat doe de perioade begûn mei omstannichheden dy't de ûndergong fan de tsjerke ta gefolch hiene, lyk as Noomen skriuwt.

Formsma jout yn syn publikaasje oer de skiednis fan Grijpskerk⁴ en yn syn bydrage oan it boek *De Heerlijkheid Visvliet* deselde lêzing as dy fan Raangs hjirboppe, mar is der op weromkommen nei oanlieding fan in publikaasje fan Georg Friedrich Schaaf yn de bylage "Heim und Herd" fan de *Ostfriesischer Kurier* fan 17 july en 1 augustus 1987. Schaaf jout dêryn as syn miening dat it yn de oarkonde fan 2.11.1387 giet om de feriening fan de ferdronken tsjerke fan Westeel yn East-Fryslân mei dy fan Marienhafe. Yn in artikel yn de *Groningse Volksalmanak* fan 1990 makket Formsma dúdlik dat Schaaf it net by de rjochte ein hie, mar sprekt dêryn dan ek syn twifel út oft it yn de oarkonde wol giet om de foargongster fan de tsjerke fan Visvliet. Sa neamt hy it feit dat frou Gottschalk yn har standertwurk⁵ gjin swiere oerstreamings yn dizze krite neamt yn de perioade 1370-1387. Dêr kin tsjinoersteld wurde dat in minder ferneamde, mar mei de pleatslike tastannen faaks better bekende auteur dat wol docht (Kloppenburg⁶).

In oar punt dat Formsma neamt is dat de beide tsjerken neffens de oarkonde byinoar yn 'e buert leine en dat jo dat net sizze kinne fan de tsjerken fan Visvliet en Stynsgea, dy't sa'n 8 km. fan inoar ôf lizze. Ik tink, dat Formsma dêrby tefolle tocht hat oan it tsjintwurdige doarp Stynsgea en net oan it âlde doarp, dêr't it tsjintwurdige doarp Gerkeskleaster ek by hearde, oant en mei de pleats Skalkedaam, dy't yn

tsjinstelling ta wat Noomen skriuwt wol oan Visvliet grinzge en net by de spoarbrêge lei, mar eastlik dêrfan. By de spoarbrêge lei de pleats Sarabosk, mei as lêste eigener de keunstsilder Willem Bartel van der Kooij, ôfkomstich fan Stynsgea. Syn soan Haaije hat de pleats nei syn ferstjerren yn 1836 yn stikken ferkocht.

De belangrykste reden foar twifel oan de âlde lêzing is foar Formsma it feit, dat yn de oarkonde it Gerkeskleaster net neamd wurdt. Yn de oarkonde giet it om in tsjerke mei lân en dat hie de tsjerke fan Visvliet net. It Gerkeskleaster wie eigner fan alle lân yn Visvliet. Jo kinne dêr tsjinyn bringe dat wy dat mei wissichheid allinne mar witte foar in lettere perioade. It soe wêze kinne dat der foar 1387 in terpdoarpke Visvliet wie mei in eigen tsjerkje en dat it lân nei 1387 troch of fanwegen it Gerkeskleaster wer yndike is en doe eigendom wurden is fan it kleaster. Yn alle gefallen, foar my stiet it noch net fêst dat it yn de oarkonde fan 2.11.1387 net giet om in foargongster fan de tsjintwurdige tsjerke fan Visvliet.

It Ald Tsjerkhôf yn de Izermieden

Noomen beäntwurdet de fraach oft de yn de oarkonde neamde St. Gangolfustsjerke op it Ald Tsjerkhôf yn de Izermieden stien hat yn syn "Zusammenfassung" sûnder foarbehâld posityf. It past by de fisy dy't er yn 'e mande mei Mol en Van der Vaart nei foaren brocht hat yn it ferslach fan har histoarysk-geografysk ûndersyk foar de lânynrjochting Achtkarspelen-Súd.⁷ Dêrneffens soe de okkupaasje fan Achtkarspelen begûn wêze op de feangrûnen by de Lauwers en de Alde Ryd lâns, troch har oantsjut as lytse rivierkes. Troch ûntwettering en gebrûk fan de grûn soe it fean nei ferrin fan tiid safier yntard wêze dat it net langer brûkber en bewenber wie. De âlde delsettingen soene doe opskood wêze. rjochting tsjintwurdige doarpskearnen, lykas bygelyks yn de Riperkrite.⁸ De tsjerken waarden ferpleatst, foarsafier't âlde materiaal noch brûkber wie, de tsjerkhôven bleaunen lizzen, as tsjûgen fan wat west hie. Sa soe it ek de âlde delsetting yn de Izermieden fergongen wêze, allinne hjir wie gjin gelegenheid om op te skowen. En dêrmei riist dan foar Noomen it byld op fan de St. Gangolfustsjerke út de oarkonde fan 2.11.1387.

Yn myn reaksje op de fisy fan Mol c.s. ha ik oan 'e hân fan in oantal dwersprofilen sjen litten dat wat sy lytse rivierkes neamden oarspronklik oant sa'n 400 m brede en 6 m djippe geulen wiene, foar de ynbraak fan de see tichtgroeid mei fean. Dat fean hie him ek oer de omlizzende grûn hinne útwreide.⁹ Sûnt 800 of al earder is de see dêr ferskate kearen ynbrutsen, oant ca. 1200 ta, en ek letter noch wol, omdat de diken dy't doe oanlein waarden net altyd yn steat wiene it wetter te kearen. As gefolch dêrfan binne de feangrûnen yn it lege midden en easten fan Achtkarspelen, en ek de sângrûnen oan 'e râne fan de heger lizzende grûnen, doe't sy al yn kultuer wiene, mei in klaaitek oerdutsen. Yn de geulen, dêr't de streaming fan it wetter it sterkst wie, is it fean foar in grut part oprotte en klaai ôfset, dy't letter heger kaam te lizzen as it omlizzende lân. Sa binne de natuerdiken ûntstien dêr't it âlde doarpke Lytsepost, de útbuorren Dykhuzen en in oantal op harsels steande pleatsen op boud binne. Spoaren fan bewenning fan it fean foar de ynbraak fan de see binne dêr noait fûn. Dy moasten der dochs wêze yn de foarm fan tichtslike sleatten, lykas yn de ruilferkaveling Garyp-Warten.¹⁰

Noomen syn artikel jout gjin blyk fan kennis oer de ynfloed fan de see op in grut part fan de grûn yn Achtkarspelen. Op kaartsje 2 yn syn artikel binne yn de Izer-

mieden klaaigrûnen oanjûn by de Dykhústerwei lâns, mar dy wurde fierder net neamd, wol de feangrûnen. Boaiemkundich besjoen binne dat ek wol feangrûnen, mar foar de namme stiet op de boaiemkaart in k. Dat betsjut dat der in klaaitek op sit fan 15 oant 40 sm. Dy grûnen binne yn it ferline sawat allegear fergroeven foar feanwinning, mei it Knjillis(=Kolonels)djip as slachier, op twa plakken in trochgong mei falbrêge yn de djipswâl, oan de binnenkant dêrfan in ringsleat dêr't de wiken yn út rûnen dy't de feanbazen grave moasten, boppe 15 en yn 'e boaiem 12 foet breed en in "kwartier" foet djipper as de drompel fan it Gerben Allerts Ferlaat. Op ferskate plakken yn de Proklamaasjeboeken komme wy dat tsjin, mei de prizen fan it fean de fjouwerkante keningsroede derby. Der is yn 'e rin fan de tiid foar in kaptaal oan turf út de Iermieden weihelle.

In part fan de grûnen dêr is troch de ferfeaning wol wat leech kommen te lizzen. Neffens Noomen soe in grut part fan dy grûnen der yn de foarige ieu noch "ongescheiden" en foar fûgelweide by lein ha. Hy hat de militêr-topografyske kaart fan 1855 derby hân en mient dan in echte "Wüstung" te sjen. No besjogge militêren de grûn fansels oars as oare minsken. De kadastrale kaart fan 1830 jout dan ek in better byld. De grinzen fan de perselen binne dêrop dúdlik oanjûn en út de by de kaarten hearrende saneamde Oarspronklike Oanwizende Tafels blykt dat de "vergraven landen" foar it grutste part yndiel binne yn de heechste klasse fan de grûnbelesting. Foar in part sil dat wol komme omdat der noch klyn yn siet dy't djoer ferkocht wurde koe.

Op kaartsje 2 rinne de Iermieden troch oan it Homear, de grins tusken Stynsgea en Surhuzum, ta. It tsjerkelân dat op kaartsje 1 yntekene is, rûn fan âlds ek oan it Homear ta troch, mar it lân súdlik fan it tsjintwurdige Prinses Margrytkanaal, it eardere Knjillisdjip en dêrfoar in sylroede, waard eartiids "Bovenwegse Mieden" neamd. De namme Iermieden is net sa âld en wie oarspronklik beheind ta de feangrûnen mei in tin klaaitek. Yn dy grûnen wurdt it izer maklik mobyl en dat jout dan oan it wetter yn de sleatten in tanige (readbrunige) kleur.

It mei no dúdlik wêze dat de wize fan yn kultuer nimmen fan de feangrûnen yn de Iermieden net yn oerienstimming is mei de fisy fan Mol c.s.. Dy fisy wie foaral basearre op it foarkommen fan it toponym Ald Tsjerkhôf op de Tsjoele ûnder Stynsgea, it Heechlân ûnder Surhuzum en oan de Alde Dyk by Koatstertille. It Ald Tsjerkhôf yn de Iermieden wurdt yn har ferslach net neamd. Ik ha oer dy âlde tsjerkhôven skreaun yn it Nijsblêd foar Noardeast Fryslân fan 7, 9 en 10 augustus 1991 en bin op grûn fan wat der oer bekend is en fan eigen ûndersyk ta de konklúzje kommen, dat der gjin oanlieding is om oan te nimmen dat it dêr giet om tsjerkhôven yn de gebrûklike sin fan it wurd, dat wol sizze dat der in tsjerke stien hat en dat der minsken begroeven binne. Fan in âld tsjerkje kin wol neat oer bleaun wêze lykas Noomen skriuwt, mar as der minsken begroeven binne moat dêr wat fan weromfûn wurde. Op in sânkop by Blaufferlaat, yn 'e hoeke fan de Heawei en de Uterwei, binne yn de winter fan 1940/41 en ek letter noch wer, doe't der in ierdgaslieding fan de NAM trochhinne lein waard, noch frij geve dielen fan minsklike skeletten fûn. Neffens Halbertsma¹¹ soene dy fan foar it jier 1000 datearje moatte, omdat de minsken dêrnei op in offisjeel tsjerkhôf yn wijde ierde begroeven wurde moasten. Op itselde plak binne ek fjouwer kûgelpotten fûn út de lette terpetiid. Dy stiene op in rychje op 'e kop yn in slûf, neffens de fynder sieten se fol jiske. Ek op oare plakken yn Achtkarspelen binne fynsten dien dy't der op wize dat de minsken dy't har dêr yn dy tiid festigen,

wierskynlik út it terpegebiet wei, hege plakken opsochten om te wenjen, en net de sompen by de Lauwers en de Alde Ryd lâns.

As it Ald Tsjerkhôf dan gjin tsjerkhôf wie yn de gebrûklike sin fan it wurd, wat wie it dan wol? Yn it *Kerckenboeck van Augustinusgae*¹², dat benammen oer it tsjerke-lân giet yn de perioade fan 1613 oan ca. 1660, komt de namme *Ald Tsjerkhôf* net foar, wol de namme *Ald Hôf*. Dat toponym komt yn Achtkarspelen op ferskate plakken foar. Sa'n Ald Hôf op tsjerkelân kin de namme Ald Tsjerkhôf krije. It Ald Tsjerkhôf yn de Iermieden lei op in heech plak, in sânkop, mei in klaaitekje fan ca. 15 sm mei-inoar op krap NAP-hichte, in moai plak foar fee by heech wetter lykas dat yn it ferline wol gauris foarkaam. It perseel wie fan âlds twa mêd grut (ca. 1,10 ha). Dat makket it ek al net oannimlik dat it in gewoan tsjerkhôf wie. Wat moasten se yn de Iermieden mei sa'n grut tsjerkhôf? De hiele Iermieden is noch gjin 400 ha grut. Op de kadastrale kaart fan 1830 is it Ald Tsjerkhôf mar 0,1980 ha grut. De ferklearring jout it floreenkohier fan 1858. Dêryn wurdt it perseel sa beskreaun: "Joukjen en Johannes Couperus Eignrs. en Gerhardus Couperus vruchtgebruiker van een stuk land het oud kerkhof bij ouds groot een bunder ruim tien roeden (twee mad) kadastraal groot negentien roeden tachtig el, en een gedeelte van aangrenzende perceelen, zonder te kunnen bepalen van welke, als abus in het Kadaster, belast met een oord floreen".

Ik freegje my noch wol ôf wêrom't Noomen yn syn kaartsje 2 Surhuzum ek net oanjûn hat as doarp dat fan Stynsgea ôfskieden is. Surhuzum waard eartiids Suijderhuijsen skreaun. It wiene de suderhuzen, fan Stynsgea fansels. Noomen wit ek wol dat Surhuzum ôflaat is fan Suijderhuijsen. De Langen¹³ wist dat net. Neffens him soe de útgong "um" fan Surhuzum "heem" betsjutte.

Gerkeskleaster

Neffens my hat der op it Ald Tsjerkhôf yn de Iermieden dus gjin tsjerke stien, mar as dy der al stien ha soe, dan kin dat noch net de yn de oarkonde fan 2-11-1387 neamde St. Gangolfustsjerke west ha. De Iermieden leine eartiids sawat midden yn de parochy fan St. Augustinus. Dat betsjut dat in dêr ûnderstelde parochy fan St. Gangolfus dan ek sawat midden yn dy parochy lein ha soe, en dat is wat oars as yn de buert dêrfan, lykas yn de oarkonde stiet. Noomen hat besocht dat probleem te omsilen troch it stiftingsjier fan dizze St. Gangolfustsjerke falle te litten nei 1240, it stiftingsjier fan it Gerkeskleaster, yn 'e ûnderstelling, dat de stifting fan dat kleaster in ôfskieding betsjutte fan sawat it hiele lettere doarpsgebiet fan Gerkeskleaster (kaart 2 yn syn artikel) fan de parochy fan St. Augustinus. Fansels moast de biskop fan Munster dan ek noch tastimming jaan om de parochy fan St. Gangolfus fan Stynsgea ôf te skieden, sadat dy neist de parochy fan St. Augustinus kaam te lizzen, en dêrmei dan yn oerienstimming mei de oarkonde yn 1387 wer ferienige wurde koe. It grutte probleem is no, dat it Gerkeskleaster as doarp earst yn 1810 fan Stynsgea ôfskieden is.

It Gerkeskleaster hie as kleaster fansels wol in soarte "status aparte" binnen de parochy fan St. Augustinus, mar dat sil beheind west ha ta it saneamde corpus. De rest bleau by de parochy fan St. Augustinus. Der moast fansels wol ris wat regele wurde tusken de pastoar en de abt. Op 19 maart 1454 sleaten pastoar en tsjerkfâden fan Stynsgea mei tastimming fan de gemeente in oerienkomst mei de abt fan Gerkeskleaster en de pachters fan it kleasterlân by it Ald Djip(= Alde Ryd), oangeande

rjochten en plichten fan de lêsten tsjinoer de tsjerke fan Stynsgea¹⁴. Nei de Reformaasje hie de tsjerke, dy't Gerkeskleaster yn 1629 fan de Steaten fan Fryslân tawiisd krige, ek in soarte "status aparte". As by it Pachtersoproer yn 1748 de oproerkraaiers it passaazejild en de boeken opeaskje, witte de "Collecteurs" fan dat jild, dat jo betelje moasten by it ferlitten fan Fryslân, it klear te krijen om it jild oan de diakens oerdrage te meien. Dy tekenje dan foar ûntfangst as "Diaconen van Gerkesklooster, als uit last en ordre van de dorpen Suiderhuisum en Augustynsgae"¹⁵. As yn 1786 tsjerke en pastory in grutte opknabbeurt ha moatte, wurdt besletten de kosten op de gemeente te ferheljen troch in omslach oer de belesting op it Reëel. Dêrfoar moatte de grinzzen fan de gemeente fêststeld wurde. De grytman komt der oan te pas en ropt de ynwenners fan Stynsgea en Bûtenpost skriftlik op om kommittearden oan te wizen dy't dan byinoar komme moatte by de Dykhústertille. De grins mei Surhuzum wie al yn 1770 fêstlein. It skriuwen oan de ynwenners fan Stynsgea en Bûtenpost begjint sa: "Alsoo Gerxklooster een Gemeente op sig selven heeft, niet tegen staande deselve gemeente en inwoonders ten aansien van de dorpen onder Surhuisum en Augustijnsgea begrepen sijn..."¹⁶

Yn alle gefallen noch op 22.5.1800, as der in fertsjintwurdiger keazen wurde moat foar it "Vertegenwoordigend Lichaam", moatte de stimberjochtige ynwenners fan Gerkeskleaster har stim útbringe yn de tsjerke fan Stynsgea. De ynwenners fan Strobos moatte dat dwaan yn de tsjerke fan Surhuzum. Sa hie it altyd west. As yn 1811 ek Fryslân in diel fan Frankryk wurdt, wurdt Achtkarspelen ferdielt yn trije "mairies". Ien dêrfan is Stynsgea, mei Gerkeskleaster/Strobos, Harkema-Opeinde en Droegeham. Stynsgea wurdt it haadplak. Gerkeskleaster/Strobos is dan in selsstannich doarp. De grins tusken Gerkeskleaster en Stynsgea leit westlik fan it Ald Tsjerkhôf, en de St. Gangolfustsjerke stie dus net, as dy der stien hat, "im heutigem Pfarrbezirk Augustinusga".

Gearfetting

Yn in oarkonde fan 2.11.1387 giet it oer de ferieniging fan in tsjerke fan St. Gangolfus mei dy fan St. Augustinus. Oant koartlyn is oannommen dat mei St. Gangolfus Visliet bedoeld waard en mei St. Augustinus Stynsgea. Formsma hat dêroer yn 1990 syn twifel útsprutsen, dy't ik yn dit artikel besocht ha wei te nimmen, mar it giet yn dit artikel foaral om de miening fan Noomen, dat de yn de oarkonde neamde St. Gangolfustsjerke op in perseel mei it toponym Ald Tsjerkhôf yn de Izermeden stien hat. Neffens my is dat net sa. Noomen hat gjin rekken holden mei de grutte ynfloed fan de see op it ûntstean fan de Izermeden en it foarkommen fan in perseel mei it toponym Ald Tsjerkhôf bewiist ek net dat dêr in tsjerke stien hat. Mar ek al soe dat al it gefal west ha, dan wie dat noch net de tsjerke fan de parochy fan St. Gangolfus, omdat dy neffens de oarkonde yn 'e buert fan de parochy fan St. Augustinus lei en net der middenyn, lykas mei de Izermeden fan âlds it gefal wie. De oplossing dy't Noomen foar dit probleem jout is neffens my net goed.

Noaten

1. Formsma, W.J., "De oorkonde van 2 november 1387". Yn: *Groningse Volksalmanak 1990*.
2. Kuipers, H. en H. Offeringa, met medewerking van dr. W.J. Formsma. *De Heerlijkheid Visvliet*. 1979.
3. Raangs, Berend, *De Kerk van Visvliet gerestaureerd*. Stichting Oude Groninger Kerken, 1981.
4. Formsma, W.J., *Grijpskerk. De geschiedenis van een Groninger gemeente*, 1986.
5. Gottschalk, M.K.E., *Stormvloed en rivieroverstromingen in Nederland. Deel I, de periode voor 1400*, 1971.
6. Kloppenburg, D., "De waterstaatkundige ontwikkeling van het Westerkwartier". Yn: *Tijdschrift Koninklijk Nederlands Aardrijkskundig Genootschap*, dl. XVI, 1944; Idem, *Niveauperanderingen gedurende onze jaartelling i.v.m. de waterstaatkundige ontwikkeling van ons land, in het bijzonder de provincie Groningen*. Grijpskerk, s.j.
7. Mol, J.A., P.N. Noomen en J.H.P. van der Vaart, *Achtkarspelen-Zuid/Eestrum. Een historisch-geografisch onderzoek voor de landinrichting*. Fryske Akademy, 1990.
8. Huisman, K., "De okkupaasje fan de Riperkrite". Yn: *It Beaken*, jiergong 50, nr. 1. 1988.
9. Haan, S. de, "Oer lytse rivierkes en âlde tsjerkhôven yn ferbân mei it yn bewenning en gebrûk nimmen fan de grûn yn Achtkarspelen". Yn: *Nieuwsblad voor N.O. Friesland*, 31.7 en 2. 7, 9, 12 en 14.8.1991.
10. Janssen, F., "Werren en warren om Warten. Bewonings- en ontginningsgeschiedenis van een deel van het Friese klei-op-veengebied". Yn: *It Beaken*, jiergong 51, nr. 4. 1989.
11. Halbertsma, H., *Mûnlinge meidieling*, 1991.
12. *Kerckenboeck van Augustinusgae, begonnen ende angelegt 1613*. Ald Argyf Gemeente Achtkarspelen.
13. Langen, G.J. de, *Middeleeuws Friesland. De economische ontwikkeling van het gewest Oostergo in de vroege en volle middeleeuwen*, Groningen, 1992, s. 147.
14. Sipma, *Oudfr. Oorkonden*. I. 's Gravenhage, 1927, nr. 136.
15. Haan, S. de, "Achtkarspelen in de achttiende eeuw". Yn: *De Feanster*, 28 aug. 1986 en 26 febr. 1987.
16. *Ingekomen Missives*, 1800. Ald Argyf Gemeente Achtkarspelen.

St. Gangolfus in de Izmieden: dupliek

P.N. Noomen

In mijn artikel "St. Gangolfus in de Izmieden"¹ probeerde ik twee vragen op het gebied van de nederzettingsgeschiedenis van Achtkarspelen te beantwoorden. Het ene vraagstuk - waar de St. Gangolfusparochie lag, die in 1387 met die van Augustinusga werd verenigd - is al oud; het andere probleem - hoe het toponiem "'t Kerckhoff genaemt" in de Izmieden geïnterpreteerd moet worden - deed zich pas recent voor, namelijk toen deze perceelsnaam opdook uit de florencohieren van 1700. Tegen de achtergrond van de ontginningsgeschiedenis van Achtkarspelen heb ik trachten aan te tonen dat er sterke argumenten zijn voor een identificatie van dit "Kerckhoff", dat ook als "Oud Kerkhof" voorkomt, met dat van de in 1387 opgeheven parochiekerk.

De bodem

De Haan bestrijdt mijn hypothese met argumenten die noch bodemkundig, noch institutioneel overtuigen. Zijn hoofdbezwaar richt zich tegen mijn opvatting dat de Lauwers en de Oude Ried als oriëntatie-assen hebben gediend voor de eerste middeleeuwse bewoning van de streek. Het komt hem onwaarschijnlijk voor dat de "somp" langs de riviertjes als vestigingsplaats geschikt waren. We raken hier aan de kern van ons meningsverschil. De bewoningsas, die ik op enige afstand van de Oude Ried, ter hoogte van het Oud Kerkhof in de Izmieden veronderstel moet in de volle middeleeuwen goed bewoonbaar zijn geweest. Ten noorden kon men beschikken over goede kleigrond, ten zuiden over een veenpakket dat meters hoger lag dan thans en, mits ontwaterd, als wei- en bouwland bruikbaar was. Opvallend is in dat kader ook dat veel percelen in de Izmieden - een jonge naam, zoals De Haan terecht opmerkt - geen toponiemen hebben die op hooiland ("mieden") wijzen, maar juist op weiland ("fennen"); o.a. rond het Oud Kerkhof is dat het geval. Hoewel De Haan elders in zijn reactie toegeeft dat de veengronden langs de beide riviertjes oorspronkelijk hoger lagen en pas na de maaiveldverlaging ten gevolge van de ontwatering en oxydatie van het veen lager kwamen te liggen dan de dicht langs de stroom afgezette kleistroken (zijn "natuerdiken"), trekt hij hieruit merkwaardigerwijs geen consequenties voor de bewoonbaarheid.

Een ander resultaat van recent bodemkundig en archeologisch onderzoek mis ik eveneens in De Haans betoog. Namelijk de vaststelling dat het veenpakket in de vroege middeleeuwen niet alleen veel dikker was dan thans, maar tevens het overgrote deel van de huidige zandgronden bedekte.² Natuurlijk zullen hoge zandkoppen hier en daar aan de oppervlakte zijn getreden; ze kunnen dan voor occupatie zijn gebruikt. De Langens archeologische verkenning van Oostergo heeft inmiddels onze stelling³ op vele punten bevestigd, dat de zandgronden waarop de streekdorpen van de Friese wouden liggen aanvankelijk grotendeels door veen bedekt waren en dat de dorpen oorspronkelijk vaak dicht bij de stroompjes lagen dan thans. De Haan overschat - evenals Bouwer dat voor zuidoostelijk Friesland doet⁴ - dan ook de (huidige) hoge zandkoppen en -gronden als initiële occupatiepunten.

De invloed van de zee ontken ik niet, zoals De Haan meent. De klei langs de Lauwers en de Oude Ried en ook de dunnere kleiafzettingen in de Izmieden verder landinwaarts illustreren die maritieme werkzaamheid. Zij falsifiëren mijn hypothese geenszins. Recent onderzoek toonde aan, hoe juist door de middeleeuwse ontgin-

ningen en de daarmee gepaard gaande maaiveldverlaging in de veenstreken de zee zijn kans kreeg. Het Lauwersmeer en de Dollard konden daardoor ontstaan⁵ en ook de IZermieden zullen hun kleilaagje danken aan het feit dat, naarmate de ontginning voortschreed, er steeds minder een veenpakket aanwezig was dat een beschermend kussen vormde tegen invloed van de zee.

Met mijn opponent ben ik het eens dat archeologisch onderzoek mijn stelling dat de dorpen aanvankelijk dicht bij het water lagen voor Achtkarsspelen nog niet kon ondersteunen. Helaas kon bij de recente landinrichting aan de zogenaamde Standaard Archeologische Inventarisatie (SAI) slechts een Aanvullende Archeologische Inventarisatie (AAI) worden toegevoegd.⁶ Gericht wetenschappelijk archeologisch onderzoek naar de middeleeuwse bewoningsgeschiedenis bleef helaas achterwege, evenals een vlakdekkende "Landesaufnahme". De resultaten van recent onderzoek in vergelijkbare gebieden⁷ onderstrepen de wenselijkheid van zo'n inventarisatie.

Visvliet.

Terwijl de door mij voorgestelde oplossing zowel het probleem van de St. Gangolfuskerk als dat van het toponiem "Oud Kerkhof" wegneemt, moet De Haan voor beide problemen zijn toevlucht nemen tot geforceerde constructies. De St. Gangolfuskerk, die sinds 1370 wateroverlast had ondervonden,⁸ zou volgens hem die van Visvliet geweest kunnen zijn. Dat nu is zeer onwaarschijnlijk. Naast de door Formsma reeds geformuleerde bezwaren wees ik op de institutionele band van Visvliet met het kerspel Lutjegast en op het verloop van de grens tussen die parochies (met in elkaar grijpende uitstulpingen en twee exclaves van Lutjegast in Visvliet). Visvliet toont zich zo een dochter van Lutjegast. Kerkrechtelijk ligt een vereniging van Visvliet en Augustinusga tussen 1387 en 1427 daarom allerminst voor de hand. De laatstgenoemde parochies raakten elkaar bovendien slechts op één puntje.⁹ De Haans constructie om het ontbreken van Gerkesklooster in de oorkonde van 1387 te verklaren door aan te nemen dat de dominante positie van de abdij in Visvliet pas na 1387 ontstond, is weinig geloofwaardig. Gerkesklooster bezat immers al in 1320 een belangrijke uithof in Visvliet.

Het Oud Kerkhof

Voor het probleem wat het toponiem "Oud Kerkhof" in de IZermieden dan wel betekende, als het geen kerkhof was, heeft De Haan een even ingewikkelde als onwaarschijnlijke constructie. Het zou volgens hem geen kerkhof zijn geweest, maar een gewoon "hōf", dat - omdat het eigendom van de kerk was - "kerkhof" werd genoemd. Over het algemeen zijn toponiemen bedoeld om verwarring te voorkomen; dit zou een opmerkelijke uitzondering zijn! De vraag blijft trouwens wat we ons bij een gewoon "hof" in de IZermieden zouden moeten voorstellen: voor de hand ligt dan boomgaard of hornleger. In beide gevallen zou dit De Haans stelling dat in de IZermieden niet gewoond kon worden ondergraven. De Haan opperde in een eerdere polemiek dat de naam mogelijk duidt op een "ünderkommen foar minsken en in plak foar it fee";¹⁰ nu spreekt hij weer van "in moai plak foar fee by heech wetter". In genoemde eerdere bijdrage van zijn hand gaf hij als tweede mogelijke betekenis

"hillich plak út 'e heidsenske tiid, net sa sear foar de pleatslike befolking, mar foar de minsken fan de klaai". In ander verband heb ik er al eens op gewezen hoe de onwil in Friese toponiemen op "-hove" en "-hof" kerkhoven te zien, sinds de 16e eeuw tot de meest wilde speculaties heeft geleid.

Dat ook de grootte van het "oud kerkhof" ertegen pleit dat het hier om een kerkhof in de gebruikelijke zin van het woord gaat, zoals De Haan meent, kan gemakkelijk weerlegd worden met het voorbeeld van Akmarijp. Het "oud hof" aldaar, blijkens archeologisch onderzoek de plaats van het oude kerkhof, was zelfs 11 pondemaat groot!¹¹

De Haans vraag tenslotte waarom ik ook in Surhuizum geen afsplitsing van de parochie Augustinusga zie, kan kort worden beantwoord. Onmogelijk is het niet, maar ook allerminst zeker. Inderdaad betekent de naam van dit dorp "bij de zuidelijke huizen". Dat kan gerekend zijn vanuit Augustinusga, maar evengoed kan het slaan op "de zuidelijke huizen" in het geheel van het nederzettingsgebied Achtkarspelen-Twislum. Over parochiefiliatie kan men veel speculeren. Ik houd me liever bij gegevens die - liefst in combinatie - enige vaste grond onder de voeten geven, als kerkjuridische verschijnselen (zoals patronaats-¹² en tiendrechten,¹³ patrocinia¹⁴ en recognitiebetalingen¹⁵), eigendomsreconstructie,¹⁶ kroniekberichten (zoals over Buwe- en Gerkesklooster) en oorkonden (zoals over St. Gangolfus).

Gerkesklooster

In tegenstelling tot De Haan zie ik geen problemen in verband met de positie van Gerkesklooster. We zijn het er over eens dat Gerkesklooster in de 13e eeuw en in de late middeleeuwen formeel onder Augustinusga hoorde, maar als cisterciënzer klooster binnen die parochie een "status aparte" bezat. Die geëximeerde positie strekte zich uit de aard der zaak ook uit over het kloostergoed dat vanuit het klooster zelf en vanuit uithoven (*grangiae*) werd geëxploiteerd. De Haan projecteert ten onrechte de situatie van de 15e en 16e eeuw, toen het klooster nog slechts het zogenaamde *corpus* in eigen gebruik had, terug naar de 13e en 14e eeuw. Hij vergeet dan dat het klooster pas in de loop van de middeleeuwen van een *grangia*-economie overschakelde op een pachteconomie. Alle kloosterland in de noord-oost hoek van het kerspel Augustinusga zal in de 13e en vroege 14e eeuw door monniken en lekebroers zelf zijn bewerkt; dit land viel daarmee onder de "status aparte".¹⁷

De Haan besteedt nogal wat aandacht aan de geleidelijke losmaking na 1629 van de kerkelijke gemeente van Gerkesklooster uit die van Augustinusga en aan het dorp Gerkesklooster/Stroobos, dat in 1811 zelfstandig werd. De grenzen van dit jonge dorp hebben echter geen enkele zeggingskracht voor de omvang van het kloosterland dat in de middeleeuwen feitelijk aan de parochie Augustinusga onttrokken was: daarvoor was immers uitsluitend van belang welk land door de kloosterlingen zelf werd gebruikt. In onze discussie kan het nieuwe dorp Gerkesklooster daarom maar beter buiten beschouwing blijven. De door De Haan geciteerde oorkonde van 1454 laat dat trouwens heel duidelijk zien: zowel de kloostermeiers (*landsetten*) als de andere bewoners van Dijkhuizen (*Dycster*) behoorden toen onder de kerk van Augustinusga. De omgeving van het Oud Kerkhof lag toen dus onder Augustinusga;¹⁸ na 1811 - volgens De Haan - echter onder het nieuwe dorp Gerkesklooster.

Als Gerkesklooster tijdens het bestaan van de St. Gangolfusparochie formeel onder Augustinusga bleef behoren - hetgeen goed mogelijk is - lag de parochie in de IZermieden inderdaad, zoals De Haan schrijft, midden in de parochie Augustinusga; of - met andere woorden - vormde Gerkesklooster juridisch een Augustinusgaaster exclave tussen "Gangolfsga" en Visvliet. Zoiets was in de middeleeuwen niet uitzonderlijk. De bijzondere positie van kloosters en kloosterland leidde dikwijls tot dergelijke onregelmatigheden met ex- en enclaves. De hiervoor genoemde Lutjegaster enclaves in Visvliet zijn daarvan één voorbeeld, de ingewikkelde situatie rond Winsum, Munnekebaayum en Wereldsbaijum op de grens van Menalduma-, Hennaardera- en Baarderadeel¹⁹ een ander. Dat de "omarming" van St. Gangolfskerk door Augustinusga op gespannen voet zou staan met de in de oorkonde genoemde naburigheid (*vicinitas*) ontgaat mij; een nauwere *vicinitas* is niet mogelijk.

Noten

1. P.N. Noomen, "St. Gangolfus in de IZermieden: een "Wüstung" in Achtkarspelen". *It Beaken* 55 (1993) 32-40. Voor literatuur en bronnen verwijs ik - tenzij anders aangegeven - naar de noten bij dat artikel en bij De Haans repliek.
2. E. Knol, "Palaeogeografische kaart van Noord-Nederland in de vroege middeleeuwen", bijlage bij; idem, *De Noordnederlandse kustlanden in de vroege middeleeuwen*. Dissertatie VU (Groningen 1993); G.J. de Langen, *Middeleeuws Friesland. De economische ontwikkeling van het gewest Oostergo in de vroege en volle middeleeuwen*. Dissertatie RUG (Groningen 1992) 38-44.
3. J.A. Mol en P.N. Noomen, *Weststellingwerften noorden van de Linde*. Prekadastrale Atlas fan Fryslân 2 (Leeuwarden 1989) 19-23; dezelfde en J.H.P. van der Vaart, *Achtkarspelen-Zuid/Eestrum. Een historisch-geografisch onderzoek voor de landinrichting* (Leeuwarden 1990) 14-26.
4. K. Bouwer, *Cultuurlandschapsvormen aan de westzijde van het Drents plateau* (Groningen 1970); idem, "De ontwikkeling van het cultuurlandschap", in: J. Heringa e.a. (red.), *Geschiedenis van Drenthe* (Amsterdam 1985) 91-140.
5. Knol, *Kustlanden*, 36-40.
6. J. Molema, "Archeologische verkenningen in de landinrichtingsgebieden Achtkarspelen. Eestrum en Drachten", *Paleo-aktueel* 2 (Groningen 1991) 77-81.
7. Zoals in Akmarijp (zie noot 11 hierna) en in het Woldoldambt (J. Molema. "De middeleeuwse nederzettingsgeschiedenis van het zuidwestelijk Wold-Oldambt in kort bestek", *Groninger Kerken* 10 (1993) 129-136).
8. Anders dan De Haan meent laat de oorkonde van 1387 geen twijfel toe over de vraag of 1370 het beginjaar van de wateroverlast was. Dat de kerk toen gebouwd zou zijn berust op een foute vertaling.
9. Anders dan De Haan suggereert wees ik op dit kleine raakpunt (pag. 38, noot 9): alleen het hornleger van de Augustinusgaaster sate Schalkedam raakte aan Visvliet; ten noorden ervan werd Augustinusga van Visvliet gescheiden door Kollumerland, ten zuiden ervan door floreennummer 50 van Surhuizum (vergelijk de kaart bij Mol, Noomen en Van der Vaart, *Achtkarspelen-Zuid*, 18 met die van Schotanus en Halma van 1718 en Eekhoff van 1844). De Haan heeft gelijk dat het spoor de oude loop van de Lauwers niet met een brug kruist.

10. S. de Haan, "Oer lytse rivierkes en âlde tsjerkhôven", *Nieuwsblad voor N.O. Friesland*, juli en augustus 1991.
11. J.A. Mol en P.N. Noomen, *Raarderhim en Utingeradiel*. Prekadastrale Atlas fan Fryslân 6 (Leeuwarden 1993) 24-25, 119 (FC/L22). Het "oud hof" gaf daar zijn naam aan het omringende perceel kerkegoed.
12. Zoals bijv. in het Groninger Gorecht. P.N. Noomen, "Koningsgoed in Groningen. Het domaniale verleden van de stad", in: J.W. Boersma e.a. (red.), *Groningen 1040. Archeologie en oudste geschiedenis van de stad Groningen* (Groningen 1990) 97-144, 279-288, ald. 121-122.
13. Zoals bijv. in Rolderdingspel. P.N. Noomen, "Middeleeuwse ontwikkelingen in Rolder dingspel", in: J.G. Borgesius e.a. (red.), *Geschiedenis van Rolde* (Amsterdam 1993) 83-114, 372-377, ald. 94-98.
14. Zoals bijv. in het Noordertrimdeel van Leeuwarderadeel. P.N. Noomen, "De middeleeuwse namen op -hove en -hafe in Noord-Nederland en Noordwest-Duitsland", *Fryske Nammen* 8 (1989) 23-52, ald. 29.
15. Zoals bijv. in het dingspel Oostermoer. P.N. Noomen, "De kerkfiliatie in Oostermoer en de Wilbrodye te Borger", *Ons Waardeel, uitg. van de Drentse Historische Vereniging* 6 (1986) 221-225.
16. Zoals bijv. in Luinjebert en Terkaple. J.A. Mol, *Friese huizen van de Duitse Orde* (Leeuwarden 1991) 53; dezelfde en P.N. Noomen, *Raarderhim en Utingeradiel* (1993) 27-28.
17. Zie voor de veranderingen in de exploitatievorm van het kloostergoed: J.A. Mol, "De Fryske cistersiënzerkleasters en har besit", *De Vrije Fries* 71 (1991) 29-52 en de daar aangehaalde literatuur. De stichting van Visvliets kerk in 1427 hangt hoogstwaarschijnlijk samen met het feit dat toen inmiddels ook het uithofsland aldaar aan pachters was verhuurd. Omdat ze geen deel van de klooster-*familia* uitmaakten kerkten zij niet in Gerkesklooster, maar voor 1427 in Lutkegast en daarna in Visvliet.
18. Ik sprak wat driest van "im heutigen Pfarrbezirk Augustinusga". De huidige parochiegrens onttrekt zich aan mijn waarneming en is voor ons meningsverschil niet relevant.
19. J.A. Mol en P.N. Noomen, *Baarderadiel*. Prekadastrale Atlas fan Fryslân 5 (Leeuwarden 1992) 22.